



29786

Allinnich it dak lekt!

(Laffing room only)

In komeedzje yn twa bedriuwen

troch

TIM KELLY

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **ALLINNICH IT DAK LEKT-LAFFING ROOM ONLY** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **TIM KELLY** te vermelden

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **10** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Persoanen:

Ernie Falbo, geheim agint

Vikki Cunningham, partner fan Ernie Falbo

Gloria Alexander, eigeneresse fan it hotel

Eben Putney, de húsmaster en putsjeman

Donald Parrisch, wol syn leven betterje

Hazel, frou fan Donald Parrisch

Rondo Muldoon, gangster

Irma, swalker.

Wilbur Potain, fersekerings-ynspekteur

Frou Martin, sosjaal wurkster

De rol fan Wilbur Potain soe ek troch in frou spile wurde kinne,
dan wurdt de namme Wilma Potain.

5 froulju en 5 manlju, of 6 froulju en 4 manlju.

Tiid fan hanneling:

Earste bedriuw

Earste tafriel: op in moarn,

Twadde tafriel: betiid yn de middei.

Twadde bedriuw:

Earste tafriël: koart nei it foarige

Twadde tafriël, in oere letter.

Plak fan hanneling: fakânsjehotel “De Burgumer Poarte” oan de Burgumermar.

Toaniel:

De lobby fan it fakânsje hotel “De Burgumer Poarte”. De lobby is fan hout makke en sjocht der net út, it hat achterstallich ûnderhâld. Lang lyn sil it wol in moai hotel west ha, mar no hingje de fellen en bellen der by. Rjochtsfoar is de doar nei de kelder. Achter de keldersdoar stiet in grutte kiste of koffer. De doar fan keamer 101, de keamer fan Gloria Alexander, is achter dy koffer. Rjochtsachter binne in pear treden fan in trap te sjen dy’t nei de ferdjipping giet. Midsachter is de haadyngong. At de doar iepenstiet is in stikje natuer te sjen. Linksachter is de baalje, achter de baalje is in doar nei it kantoar. Op de baalje in telefoan, it gasteboek, in balpinne, in lampe en in bel. Op de tafel tydskriften en in faas mei blommen. Linksfoar is de yngong fan de ytkeamer. Op in boerd boppe of neist dizze trochloop stiet “**Ytkeamer**” In tafel en twa stuollen stean middenrjochts foar. Dit is de minimale ynrjochting, mar de romte moat safolle as mooglik is oanklaaid wurde mei de gebrûklike âldfrinzige dingen dy’t men op sokke plakken tinkt te finen, sa as dingen fan de fûgeljacht en silerij, tapiten, ensafuorthinne. At der romte foar is soe in iepen hurdte net misstean.

De hiele ynrjochting soe men ek ferfange kinne troch gerdinen. Dan ferfalle de doarren. De spilers kinne dan suggerearre dat dy ergens achter binne.

EARSTE BEDRIUW

Earste tafriel

(at it doek iepen giet fluitsje de fûgels. It toaniel bliuwt even leech, dan gnúft Ernie Falbo, in jongkeardel dy't oanstriid hat om te entûsjast te wêzen, fan út de ytkeamer de lobby yn. At er sjocht dat er hielendal allinne is, komt er op teannen de lobby yn. Hy sjocht nei links en nei rjochts, giet nei de trep en sjocht nei achteren. Hy docht doarren iepen en sjocht foarsichtich nei binnen. Tefreden docht er de doarren wer ticht)

FALBO: Wat in binde! *(gelokkich)* Koe net better! *(achter de stim fan Putney, hy sjongt falsk en hy rint nei de haadyngong. Falbo dûkt hastich achter de baalje. Putney komt op mei in earmfol hout foar de hurdte. Hy is skrandere en praktysk en sa tusken de fjirtich en de hûndert jier, komt net sa krekt. Hy hat in wurkbroek oan, in oerhimd mei in rútsje oan en in pet op. Hy rint nei de houtkiste, mar healwei rattelt de telefoan ynienen. Putney bliuwt stean, sjocht nei de kiste en dan nei de telefoan en besiket in beslissing te nimmen, ropt dan nei achteren)*

PUTNEY: Frou Alexander, binne jo dêr? *(gjin antwurd. Hy sjocht yn keamer 101)* Frou Alexander? *(noch gjin antwurd. Ergere troch it oanhâldende ratteljen lit er it hout falle. Hy nimt de telefoan op en troppet de pet yn de kontbûse)* Hotel De Burgumer poarte? Nee. Ik sei nee! Hjir útfanhûzet gjinien mei dy namme. Hoech ik net nei te sjen. Nee! Der is hjir hielendal gjinien, lykas altyd ja! Itselde, maat! *(hinget op)* Wer sa'n klengel út Ljouwert!

GLORIA: Rôpen jo, Putney?

PUTNEY: De telefoan gie. Ik ha mar even opnommen.

GLORIA: Wa wie it?

PUTNEY: Gjin idee. Frege nei in sekere Falbo, krige praatsjes doe't ik sei dat wy gjin gast hiene mei dy namme.

GLORIA: Myn fout, ik hie it sizze moatten. *(Falbo komt mei de holle boppe de baalje út. Putney nei it hout)* Hy hie hjir al wêze moatten. *(Putney sammelt it hout)*

PUTNEY: Woene jo sizze dat wy hjir in Falbo ha?

GLORIA: Hy belle juster, like hiel aardich foar de telefoan.

PUTNEY: *(kin it hast net leauwe)* In gast? Hjirre??

GLORIA: Hy sei dat er it hotel ôfhjere woe. Ik tink dat er in keamer bedoelde. *(Falbo ferdwynt wer út sicht, Putney siket it hout byelkoar en smyt it yn de kiste, wilens krûpt Falbo op hannen en fuotten nei de doar fan it kantoar. Hy krûpt it kantoar yn en docht de doar achter him ticht)* Wat wie dat?

PUTNEY: Wat?

GLORIA: *(sjocht nei achteren)* Ik miende dat ik in doar hearde.

PUTNEY: Wol nee, de fundearring set him!

GLORIA: At de fundearring him noch langer set, krije wy it dak noch op 'e holle! *(giet achter de baalje stean)*

PUTNEY: Ik freegje my ôf fan wa't dy Falbo wat oer dit hotel heard hat.

GLORIA: De Burgumer Poarte is oars hiel bekend.

PUTNEY: Hiel lang lyn ja, foar dat se dy nije autodyk oanlein ha. Wy binne it ienichste hotel yn dizze streek, de oaren lizze allegear oan de oare kant fan de mar. *(pakt in stik hout en fiket der mei it mes yn om)*

GLORIA: It liket wol as sieten wy op 'e moanne. Besjoch it ek es fan de positive kant. Falbo hat wier foar in keamer belle hear!

PUTNEY: Dy bliuwt net!

GLORIA: *(sjocht it streekblêd op de baalje lizzen)* Wêrom ha jo net sein dat de krante der wie?

PUTNEY: Tocht dat jo it wol sjen soene.

GLORIA: Ik hoopje al dat ús advertinsje der yn stiet. *(sjocht yn de krante)*

PUTNEY: Wêr komt dy man wei?

GLORIA: Hy belle út Ljouwert.

PUTNEY: Dat folk is net te fertrouwen, like gek as de simmergasten.

GLORIA: *(lêst yn de krante)* Se sykje noch altyd om in nije ynspekteur fan plysje, dat duorret ek lang.

PUTNEY: Fergriemen fan belestingjild!

GLORIA: *(oar artikel)* Och heden, der is ynbrutsen, grutte bú!

PUTNEY: Wêr?

GLORIA: Yn Lauswâld.

PUTNEY: Bulte sijk folk dêr. Frjemden, út de grutte stêd.

GLORIA: (*ûnder de yndruk*) In diamanten keatling fan frou Martin. (*ken har namme*) Sit elk jier yn dat lúkse hotel, se is smoarryk, besit hiele strjitten en at je in tydskrift iepen dogge stiet se der yn!

PUTNEY: Hoe ha se dy te pakken krige? It keatling bedoel ik.

GLORIA: Hjir siet dat er stellen is wylst se sliepte.

PUTNEY: Lei se op bêd?

GLORIA: (*sjocht yn de krante*) Lei yn in laadsje fan it buro, is op hûndert tûzen euro taksearre. Dat betsjut dat er folle mear wurdich is. It ienige dat ik yn myn burolaadsje ha, is houtwjirm!

PUTNEY: Gjinn houtwjirms, it binne kakkerlakken.

GLORIA: (*sweverich*) Ynkoarten gean ik nei de kust, Spanje tink, lekker wyt sân, sinne.

PUTNEY: It tilt dêr op fan de kapitalisten!

GLORIA: Putney, jo ha gjinn gram romantyk yn 't liif!

PUTNEY: Wêrom nei de kust at jo it tichteby ek wol krije kinne?

GLORIA: It mei my hielendal net barre wêr dan ek te wenjen.

PUTNEY: Mooglik ha jo mei dy Falbo wol gelok, sa'n eksintriken ien dêr't je wol es fan hearre. Faaks kinne jo de hiele boel wol ferhiere, freegje mar goed jild! Mar neat sizze oer it minne sanitêr!

GLORIA: Of it minne dak. Noch ien winter en de boel sakket ynelkoar.

PUTNEY: En wat minder at je oer dizze kant fan de mar prate, wat better. De minsken wolle net yn de drek swimme.

GLORIA: Ha jo der noch om it boerd mei "Niet zwaarder dan twee ton" by de brêge te setten?

PUTNEY: Ja, mar doe't de snie raande is it boerd yn de mar fallen. Hoelang bliuwt dy Falbo?

GLORIA: Mei in bytsje gelok lang genôch om der in pear euro's better fan te wurden. Ik hoopje mar dat er kontant betellet.

PUTNEY: Plestikjild is net echt, noait west ek.

GLORIA: Ik soe De Burgumer Poarte mei alle leafde oan dy Falbo ferkeapje wolle, mar wa wol soks yn de goedichheid ha, sels de makelders sjogge it net mear sitten.

PUTNEY: (*nei de baalje*) Ik wol it graach keapje.

GLORIA: (*happich*) Hoefolle ha jo te besteegjen?

PUTNEY: Mei it achterstallige lean! (*stekt it mes yn de bûse*)

GLORIA: Ferjit dat achterstallige lean no even.

PUTNEY: Faaks wol in goed idee. Alles byelkoar sa'n eh... tolve hûndert euro? Dêr komme je net iens mei yn Spanje!

GLORIA: Ik kom der amper mei yn Burgum! Ik bin oan de belesting al fyftjin tûzen euro skuldich, se sille de boel dizze moanne wol opskriuwe en ferkeapje. Sels al soe it hjir ynienen formidabel gean, dan kom ik net út. At it jild no es oan de beam groeide?

PUTNEY: It ienige dat hjir oan de beam groeit binne de rûpen en dy frette alles op.

GLORIA: Ja, ik wit der alles fan. (*Hazel, in moaie jonge frou komt op mei in grutte koffer*)

HAZEL: Goeie! (*Gloria en Putney skrikkel*)

GLORIA: (*teart it krantsje op*) Putney, krij dy koffer es oan fan dizze dame!

HAZEL: (*hâldt de koffer noch stiver beet*) Nee, nee, dy hâld ik sels.

PUTNEY: Gjinn foantsjes hear! Ik ferwachtsje hielendal neat, dan falt it noait ôf.

HAZEL: Binne jo de hear Falbo?

GLORIA: Dit is Putney, myn putsjeman. Is Falbo jo freon?

HAZEL: Nee, eins net.

PUTNEY: Hy is der net.

GLORIA: Mar wy ferwachtsje him wol elk momint

HAZEL: Binne jo frou Falbo?

GLORIA: Nee, ik bin Gloria Alexander?

HAZEL: Wurkje jo foar Falbo?

PUTNEY: Sy is eigen baas, se is de eigeneres fan dit hotel.

GLORIA: Ik ha hielendal gjinn auto heard.

HAZEL: Ik ha 'm oan de oare kant stean litten. Ik hâld hielendal net fan it útsicht op dy brêge en de mar. Hoe hjit dy mar?

PUTNEY: Moddergat.

HAZEL: (*sjocht it boerd*) Ik wachtsje wol yn de ytkeamer.

PUTNEY: Wêrom?

HAZEL: Ik soe graach in bakje kofje ha wolle wylst ik wachtsje.

PUTNEY: Jo meie bêst wol yn de ytkeamer wachtsje hear, mar der is gjinn kofje. De ytkeamer is ticht.

GLORIA: (*ûntskuldigjend*) It is in sloppe tiid sjoch! De saken rinne net sa goed.

PUTNEY: Watfoar saken?

GLORIA: *(ergere)* Putney!

PUTNEY: Ik sis allinne mar de wierheid.

GLORIA: Jo moatte it “earlike Putney” mar net kwea ôf nimme, hy komt te min ûnder de minsken.

PUTNEY: Ik ha noch noait foar ien de mûle ticht holden.

GLORIA: Sis dat wol! *(fleurich)* Ik sil in kop kofje foar jo meitsje.

HAZEL: Ik kom letter wol werom.

GLORIA: Wolle jo net in berjocht foar Falbo achterlitte?

HAZEL: *(wifelt)* Nee. *(draait har om en giet ôf. Gloria nei de haadyngong)*

GLORIA: Ik fyn it net slim om even kofje te setten, hear. *(ropt har nei)* It is oploskofje! *(Hazel komt net werom)* Putney doch no es ien kear jo bêst, dit hie in klant wêze kinnen!

PUTNEY: Stie de adfertinsje yn it krantsje?

GLORIA: Nee.

PUTNEY: Tocht ik al. Se bellen fanmoarn oer de rekken, jo moatte earst de foarige betelje foar dat de nije der yn komt. Ik bin yn de kelder at jo my ha moatte.

GLORIA: Do wolst doch net sizze dat der wer rotten yn de kelder sitte!

PUTNEY: Okee, dan sis ik it net! *(de kelder yn, Gloria stekt de hannen wanhopich omheech)*

GLORIA: Och, wat kin ‘t ek skele. *(nei de ytkeamer. Vikki Cunningham komt der yn. It is in oantreklike jongfaam, hiel saaklik en modern yn de klean, mar in bytsje earnstich. Se hat in attasjeekofferke by har. Wylst se de lobby besjocht, komt Falbo op teannen út it kantoar en giet achter har stean. Vikki leit it kofferke op tafel en sil it iepen dwaan. Falbo leit har de hân oer de eagen)*

FALBO: Ried es?

VIKKI: Net noadich, Rintsje Ritsma!

FALBO: Mis, Sybrand Buma!

VIKKI: Ernie, wannear silst es folwoeksen wurde?

FALBO: *(lûkt de hân werom)* Noait! It is doch prachtich om altyd in jongfint te bliuwen?

VIKKI: Foar dy, ja. *(docht it kofferke iepen)*

FALBO: Laitsje mar es, dit wurdt in geweldige grap!

VIKKI: Dit is saaklik. Hoelang tinkst dit fol te hâlden?

FALBO: *(wriuwt him yn de hannen)* De hiele simmer, maklik!
(dûnset de keamer troch) Wat tinkst fan dit optrekje?

VIKKI: Prima, atst in spin bist.

FALBO: Ik bin hjir al sûnt fanmoarn betiid. Ik mei graach om my hinne sjen at der gjinien is. *(Vikki hellet in folder út it kofferke)*

VIKKI: It ferwundert my dat dit krot noch op 'e kaart stiet. *(Falbo lûkt har tsjin him oan en seit dramatysk)*

FALBO: Wy binne ferdwaald op de wylde weagen fan de Burgumermar. It aventoer lokket, de marfûgels swije eangstich, yn de fierte raast en ropt it jongfolk, mar wês net bang, ik sil dy beskermje!!

VIKKI: *(wrakselt har los)* Hast drank hân?

FALBO: Do witst, ik drink nooit!

VIKKI: Wyn dy net op dan. *(sjocht yn de folder)* Wy moatte foarsichtich wêze, gjin flaters. Hoe moat it at der fakânsjegongers komme?

FALBO: Bist mâl, hjir komme gjin fakânsjegongers, dat binne frjemden foar dizze minsken.

VIKKI: *(tikket op de folder)* Wat wy wol en net kinne stiet dúdlik yn dizze folder. Ik hoopje mar datst witst wêr'tst mei dwaande bist.

FALBO: Wit ik dat net altyd?

VIKKI: Nee! *(leit de folder wer yn it kofferke)*

FALBO: Do fernielst myn ego.

VIKKI: Do bist op proef, noch ien mislearring en do kinst achter oanslute foar in WW-útkearing.

FALBO: Wat soe ik sûnder dy begjinne moatte.

VIKKI: Dan kaamst der ek wol.

FALBO: Doch wurkje ik leaver mei dy as sûnder dy.

VIKKI: *(snibbich)* Dat is hast in komplimint. *(knipt mei de fingers)*
Wy spylje it spul neffens de regels. *(Putney komt der yn mei in mûzefalle yn de hân)* Besite!

PUTNEY: Moarn!

VIKKI: Hoe is 't mei jo? *(rint mei útstutsen hân op him ta)* Ik bin Vikki Cunningham.

PUTNEY: Putney. *(Putney jout har de mûzefalle ynstee fan te fûstkjen en rint op Falbo ta)* En do bist Falbo tink?

FALBO: Yn ien kear goed.

PUTNEY: Falbo is in ûngewoane namme. Koe ek wol in

automerk wêze. *(nijsgjirrich wurden troch Putney en syn mûzefalle, rint Vikki nei de kiste)*

FALBO: Ik nim oan datst hjir wurkest?

PUTNEY: Ik wurkje en wenje hjir al sûnt myn fjirtjinde.

VIKKI: Noch út de prehistoarje.

FALBO: Is frou Alexander oanwêzich?

PUTNEY: Miskien.

VIKKI: Wy wolle graach mei har prate.

PUTNEY: Wêrom klopje jo dan net even oan har doar *(wiist nei 101)* Dat is har keamer.

VIKKI: Prima. Wêrom ek net. Ik tink dat dit ding fan jo is? *(jout de mûzefalle werom en giet dan nei keamer 101)*

PUTNEY: Ik ha neat fongen, tink dat de mûzen it sinkende hotel ferlitten ha. *(Falbo tinkt dat Putney net goed mei de holle is)*

FALBO: Tinke jo dat?

VIKKI: *(kloppet)* Frou Alexander? *(kloppet noch es)* Frou Alexander! *(lústeret, dan tsjin Falbo)* Ik tink dat se net thús is.

FALBO: Op de baalje stiet in bel, wêrom bellest net even? *(Vikki lûkt oan de skouders)*

VIKKI: Ja, wêrom ek net. *(nei de baalje)*

PUTNEY: Wie altyd in poerbêste mûzefalle, sels makke. *(jout him oan Falbo)* Jo kinne him krije foar eh... lit es sjen...1 euro?

FALBO: Ik soe net witte wat ik der mei moat! Yn elk gefal, tige tank. *(jout de mûzefalle werom. Vikki bellet)*

VIKKI: Wat apart.

PUTNEY: Ik doch der in pot ierdbeijam by.

FALBO: In oare kear.

PUTNEY: Jo binne ek in moaie klant. *(Gloria komt hastich op en sjocht de gasten)*

GLORIA: Falbo?

FALBO: Kloppet.

GLORIA: *(nei him ta)* Ik bin der wis fan dat it jo hjir goed foldwaan sil!

PUTNEY: Mooglik wol, mooglik net.

GLORIA: Putney, wêrom sette jo de túnstuollen net even bûten?

PUTNEY: It wol reine.

GLORIA: Unsin, it is prachtich moai waar!

VIKKI: Gjin wolkje oan de loft. (*Putney stekt de finger yn de mûle, finger omheech*)

PUTNEY: Noard oant noardeast, ik fersin my noait, wy krije in simmerstoarm.

GLORIA: De stuollen Putney!

PUTNEY: Allegear stikken, allegear oanfretten! (*midden ôf, Falbo en Vikki sjogge him nei*)

GLORIA: Ha, ha, ha. Neat fan oanlûke, hy heart by de ynventaris.

VIKKI: Dat kenne wy.

FALBO: Dit is myn partner, Vikki Cunningham!

GLORIA: Jo wolle twa keamers ynstee fan ien?

VIKKI: Wy wolle it hiele hotel. (*giet by de tafel sitten*)

GLORIA: Dan hie 'k it doch goed foar 't ferstân! (*nuodlik*) Jo witte doch wol wêr't jo binne? Ik woe sizze... eh... yn hotel De Burgumer Poarte.

FALBO: Foar ús doel is dit it ideale plak.

GLORIA: Dêr bin ik bliid om. (*tink nei*) Watfoar doel?

VIKKI: Wy binne fan doel jo in behoarlik foarstel te dwaan, frou Alexander.

GLORIA: Foarstel?

VIKKI: Dit hotel is de steat in soad jild skuldich. Belesting!

GLORIA: Oooh!

VIKKI: En dat moat hiel noadich betelle wurde.

GLORIA: Jo binne fan de belestingtsjinst? Ik kin mar better even sitten gean. (*giet teloarsteld by de tafel sitten*)

FALBO: Wy binne net fan de belesting.

VIKKI: Wy binne net fan belesting, wy binne fan de resjerzje!

FALBO: Wy wurkje foar de Prokureur Generaal! Wy wolle dit hotel foar in bepaalde operaasje brûke.

VIKKI: As tsjinprestaasje sil de steat jo de belesting skinke. Wat fine jo dêrfan? Dat is doch earlik, of net? (*Gloria is folslein oerdondere*)

FALBO: Sis es wat, frou Alexander!

GLORIA: Woene jo sizze dat jo my gjin jild betelje wolle?

VIKKI: Belesting skinke, gjin jild.

GLORIA: Ik ha noch in pear moanne foar't de belesting komt en alles ferkeapet. Ik hope dat ik oant dan ta bliuwe kin. Ik wit net wêr't ik hinne moat, Putney ek net.

FALBO: Wy wolle dat jo bliuwe, dan liket alles normaal.

VIKKI: Kom allinne noait tuskenbeide.

GLORIA: Oer watfoar in operaasje ha jo it?

VIKKI: Oplichting.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto